


19-3-195

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

BOLOTON

IT SKIEPPESTURTSJE

19-e jiergong, nûmer 3, july 1995

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoege troch de redaksje of oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bydragen fan de lêzers.

Redaksje-adres:

J.W. Nota
Waltawei 39
8765 LN Tsjerkwert

Redaksje:


Richtsje Speerstra- Bakker
Ymswâlderleane 10 (til. 05157-2635)
Joop Nota
Waltawei 39 (til. 05157-9499)
Gerben Wijnja
Waltawei 53 (til. 05157-9348)
Henk van der Zee
Waltawei 31 (til. 05157-9768)
Trudy Witteveen-Hettema
Beabuorren 1 (til. 05157-2549)

Typewurk:

Gjettje Dijkstra-Van der Veen,
Gerben Wijnja

Stinsilwurk:

Henk van der Zee



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Untwerp omslach:

Albert van Lingen Jr., Wergea

Bankrelaasje:

Rabobank Boalsert
gironûmer fan de bank: 85.68.29
Rekkeningnûmer: 3087.56.800

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan

“bydrage 't Skieppesturtsje” en it jier dêr't it betrekking op hat.

Foarwurd fan de redaksje

'Moarn sil' wy de hjouwer slaan...' in ienfâldich ferske wat ik eartiids yn 'e skoalle lûd meisjonge koe en ek wol woe, want by de twadde rigel *'...justerjûne seach ik har, ûnder de âlde line ensfh...'*, balten wy yn de klasse yn heal Frysk, heal Snekers fan *'...justerjûne smee ik haar, ofer de hoge line, en doe fiel se och su raar, wat het dat mins in pine...'*

Wy wienen dan slap fan't laitsjen fansels; gelokkich koe ús master soks ek noch wol wurdearje. Yn elts gefal bin ik yn de legere skoalle net folle wizer wurden wat Fryske ferskes oanbelanget. En hjoeddedei hearst de âlde ferskes hast hielendal net mear. In inkelde kear wurdt yn 'e skoallen noch wol gebrûk makke fan de bondel 'Fryslân sjongt'. Der binne neffens my lykwols fêst noch wol in protte oare lieten dêr't benammen de wat âlderen yn ús doarp noch wol weet fan ha moatte. Skoalleferskes of soksawat dy't by jo noch bekend binne, mar by in oar net; stjoer se mar nei de redaksje. Dan sille wy der foar soargje dat se in plakje krije yn it Skieppesturtsje. Ek wol benijd bin ik nei bysûndere, grappige of frjemde saneamde 'sis'-sprekwurden. Bygelyks as *'...dêr giet it hinne, sei de leidekker, en hy rûgele ta it dak ôf...'* of *'...der sitte gjin bonken yn, sei de boer, en hy friet in slak op ...'* Wêr soks syn oarsprong hat is my folslein ûnbekend, mar se binne prachtich. Afyn, wa't der mear wit mei syn of har sprekwurden by ús ynleverje. Ek as jimme fan mearkes, folksferhaaltsjes of oars noch witte, wifelje dan net mar skriuwe se op. Dan krijt it Skieppesturtje noch wat mear it karakter fan in krantsje dat makke wurdt foar, oer en troch alle bewenners fan doarp en omkriten.

Sa, en dan no oare saken. It Waltahûs is ticht en fan binnen keal, mar dat is gjin nijs. Al dat de skoalle der in stik folle fan wurden is. Dhr.O. Postma fungearret moandeitejûns as in soarte fan toanielmaster en set foarôf alle stuollen en tal fan ynstruminten foar de oaren klear. It korps blaast it kryt hast fan it skoalleboerd sa lûd (dochs net falsk). Mar as de lêste mei pine yn't liif fan it blazen nei hûs ôfset, is alles yn de skoalle wer kreas te plak set en dat is in komplimintsje wurdich, dat sadwaande.


Dan binne der ek frijwilligers frege troch guon fan it 'Waltahûs'bestjoer foar it himmeljen, skilderjen en behangplakken. Wol hûndert minsken hawwe harren opjûn, mar hast gjinien wol it dak op, dat sa't it no liket sil Jeanet Volbeda sels mei kwast en ferfpot der by op moatte. As it no mar gjin *'...dêr giet it hinne...'* wurdt. Mar ear't it safier is, sil der noch in ôfgrypslik stik wurk ferset wurde moatte. Dat safolle minsken de skouders derûnder sette wolle is fansels geweldich.

Allike geweldich is it feit dat de redaksje wer in nij lid fûn hat en wol yn it fiere Beabuorren. Trudy Witteveen hat ûnder twang spontaan 'ja' sein op ús fraach om it team te fersterkjen. Fanôf dit plak in tige hertlik wolkom en ik hoopje datst' gau ynboargere wêze silst. Wy binne o sa bliid dat der op'e nij in frouspersoan yn ús fermidden wêze sil, want dat bringt wer balâns yn de redaksje. It foel ús mannen de foarige kear al op dat Richtsje dêr wat muoite mei hie. Se waard suver in bytsje fluensk nei my ta. Om't ik dat wat ôfwimpele, joech se my in rare snypsnaar. Fan dat ik net sa'n fytser bin en soksawat. Mar dat is net hielendal wier; de alvestêdentocht fan in oantal wiken ferlyn ha ik yn myn tinken grif in oantal meters meifytst. Trouwens der wienen guon yn it doarp dy't hast fluitsjend de 240 kilometers útriden hawwe. Hie ik in pet hân, 'k soe him fuortendaliks ôfnimme. Want soks is dochs net om'e nacht.

Dat mei ek wol sein wurde oer de organisaasje fan de befrijingsfiering yn maaie troch de oranjeferiening. Ik tink dat it foar in protte minsken in prachtdei west hat. De 'keep them rolling' jeeps en trucks, de ferhalen yn 'e tsjerke oer de persoanlike oantinkens oer de oarloch fan minsken út ús doarp; de feestlikheden op it sportfjild; de 'boartesguod'-merke fan de skoallebern en fansels de barbecue yn it parkje. It wie gesellich, it wie slagge! En as ik it goed ha, sil it yn septimber opnij in feest jaan yn it doarp.

Mar it hat my no genoch west, ik hâld op. Ik bin al net sa feardich mei in 'Fryske' pinne, dat ik ha wat ôfswit op dit foarwurd. 'k Bin dan ek mar al te bliid dat ik pas oer fiif krantsjes wer hoech. En dan doch ik it wer yn't Hollansk of miskien ek wol yn't Stedsfrysk. Ja dat liket my wol aardich ta. Op dit plak winskje ik út namme fan de hiele redaksje alle doarpsbewenners in hiel moaie fakânsje ta en allegearre sûn wer thús.

In hertlike groet fan Henk van der Zee.



ABE!

IT TEATER- EN FUOTBALSPEKTAKEL

ABE! It Teater- en fuotbalspektakel.

Eala,

Yn Fryslân en fier dêrbuten gunzet it al:fan 13 o/m
17 septimber sil it teater- en fuotbal-spektakel

"ABE!" pleatsfine. In histoarysk barren.

Mei de âlve neispile doelpunten út de wedstriid yn
1950 tusken Heerenveen en Ajax (6-5).

Yn 2 x 45 minuten ûntrôlet him it libben fan Abe
Lenstra yn ferrassende dekors.

Oan de foarstelling dogge mear as 500 minsken mei,
û.o. in tal ferneamde Nederlanners.

De reade tried fan it ABE-spektakel is it neispyljen
fan de âlve doelpunten fan de wedstriid Heerenveen-
Ajax út 1950. Foppe de Haan studearret de mominten
dy't ta in goal liede yn mei syn spilers.

De doelpunten wurde ôfwiksele mei spektakulêre tea-
tersênes dy't it libben fan Abe Lenstra ferbyldzje.

It fuotbalfjild feroaret ynienen yn in mar mei Abe
yn in boatsje. Hy fisket. Dan sitte jim wer midden
yn 'e Twadde Wrâldoarloch.

Nei de folgjende goal komt der ynienen in helikopter
mei de foarsitter fan Fiorentina om Abe in profkon-
trakt oan te bieden. Dan wer wurde jim mei faasje
ferpleatst nei Amearika en binne jim tsjûge fan in
moeting tusken Abe en Rinus Michels.

En wer feroaret it dekor.

Abe yn it Nederlâns âlvetal. Abe mei syn trainers.
Dat allegear mei muzyk en in soad spektakel.

As doarpshûs "It Waltahus" kinne wy as sintraal plak yn ús eigen omkriten tagongskaarten foar dit spektakel reservearje.

De kaarten binne f. 40,-- it stik.

Jo kinne se reservearje fia G. Dijkstra, Waltawei 7, Tsjerkwert. Graach gelyk by it reservearjen betelje, want wy moatte de kaarten ek foarút betelje.

By ôfname fan minimaal 20 kaarten krije jim in tientsje koarting per kaart.

Ynstee fan f.40,00 betelje jim dan f.30,00.

En wêr binne der no gjin 20 minsken te finen dy't dit spektakel meimeitsje wolle?

Berichten van de dorpsomroeper

Veemarkt Sneek op 16 juni 1903.

Aanvoer 163 koeien f. 120,-- tot f. 265,--

10 stieren f. 110,-- tot f. 270,--

181 kalveren f. 18,-- tot f. 45,--

175 nuchteren kalveren f. 6,-- tot f. 9,00

256 schapen f. 16,-- tot f. 32,--

169 lammeren f. 8,-- tot f. 13,--

253 varkens f. 25,-- tot f. 80,--

68 biggen f. 6,-- tot f. 10,--

42 paarden f. 60,-- tot f. 200,--

Handel in melk- en kalve-koeien en kalveren gewild, schapen vlug, lammeren, varkens, biggen en nuchteren kalveren behoorlijk.

Helaas, helaas hoe vlieden onze dagen, hoe spoedt zich ieder uur met onze luister heen!

Hoe flauwe vreugd, hoe bitter ploegen, hoe min vermaak, hoe veel geweest!

Eén lente per jaar, en in het hele leven slechts één jeugd!

Zou het dus toch waar zijn, wat een historicus

eens heeft gezegd, dat de geschiedenis ons leert dat men niets van de geschiedenis heeft geleerd?

Gysbert Japicx zei het eertijds al "wij leven nu eenmaal in een bezeten wereld en wij weten het."

Seizoenen komen, seizoenen gaan.

In een flits wisselen de jaargetijden elkaar af.

De tijd vliegt voorbij. Een nieuwe kalender, een nieuwe agenda. Afspraken voor 1995 zijn of worden reeds genoteerd. Wij mogen ze nu eenmaal niet vergeten.

Wij moeten op tijd zijn, dat is belangrijk in onze samenleving!

Een belofte - zolang de aarde bestaat.

Een belofte die tijdgebonden is want God's klok loopt ook. Alle tijden zijn in Zijn hand zowel de onze als de zijne. Ook vandaag God is de eeuwige.

Dat wil zeggen Hij staat boven de tijd!

Dorpsomroeper bericht: over de vakantie 1995

De tijd dat alles weer begon te groeien en te bloeien in de voorzomer, deed mij denken aan de vroegere hooioogst die meestal begon in de juni-maand.

Toen men nog hield van hoeveelheid en lengte!!

Ook ik zal degenen die hun schooltas al aan de vlaggemast mochten hangen van harte geluk wensen!

Maar ook evenzeer de jonge lieden die een teleurstelling hebben te verwerken sterkte toegewenst!

Waar ik aan toevoeg: Bescherm jezelf niet met een schutting maar omhein je liever met vrienden.

En geen straat te lang met een vriend naast je.

En... de enige wijze om een vriend te hebben is er zelf een te zijn!

En wij zullen weer met miljoenen de paden op de lanen in gaan. En... eeuwige liefde van drie weken komt nogal eens voor, vooral in de vakanties.

En de vrienden die je maakt blijven zulke goede vrienden om reden dat je ze bijna nooit weer ziet.

En wie verre reizen doet kan soms veel verhalen.
Maar... kan soms ook erg naar huis verlangen.
Ergens geweest zijn maakt menigeen nog gelukkiger
dan er te zijn. In ieder geval waren in mijn vakanties twee dagen waarop ik mij altijd mateloos verheugde van de heen-reis en de terug-reis.
Persoonlijk had ik de laatste jaren dan ook geen behoefte aan vakantie vanwege de vele keren dat ik in de regio en soms ver daar buiten als dorpsomroeper bezig was zowel in dorpen als in steden. Tenslotte de mensen die op vakantie gaan wens ik veel genoegens!!
Behouden thuiskomst in uw vertrouwde omgeving!

Wederom van huis tot huis de hartelijke groeten
van de Dorpsomroeper.

Herinneringen aan Tjerkwerd

Haarlem, eind april 1995.

Nadat Jan Reitsma uit Den Haag via een oom, Sjoerd Reitsma, een exemplaar van 't Skieppesturtsje van oktober 1993 had gekregen, las hij daarin het verhaal tje van Anneke Langenberg, die als dertienjarige bij de Reitsma's te gast was geweest in de laatste jaren van de tweede wereldoorlog.

Anneke noemde in haar verhaaltje ook de twee zoontjes van boer Reitsma, die haar nogal eens plaagden.

Dus herkende Jan zich in dit stukje en vond het wel aardig. Hij belde naar de redactie om te vragen waar het verhaaltje vandaan gekomen was en kreeg toen mijn telefoonnummer. Hij belde mij op en we hadden een erg gezellig gesprek.

Nadat ik hem verteld had over onze relatie met Tjerkwerd, werd hij zó enthousiast, dat we afspraken eens persoonlijk kennis te maken.

Hij wilde wel naar Haarlem komen, maar omdat het nog winter was, besloten we te wachten tot in het komende voorjaar. En zo gebeurde het dat Jan op dinsdag 18 april j.l. bij ons op bezoek kwam. Hij had enkele foto-albums meegebracht; we hadden een zeer gezellige middag. Ook Jan Langenberg (broer van bovengenoemde Anneke), was door mij uitgenodigd, omdat hij ook regelmatig bij de Reitsma's op de boerderij kwam vanuit Parrega waar hij ondergebracht was. Dus beide Jannen kenden elkaar van zo'n vijftig jaar geleden! In de gesprekken die toen volgden kwamen heel wat oude herinneringen boven, en sommige daarvan heb ik in de vorm van kleine aantekeningen op een kladblaadje gekrabbeld.

HERINNERINGEN AAN TJERKWERD

Opgetekend uit de mond van Jan Reitsma, door Peter Ottenbros, Haarlem.

.....In de tijd dat Beppe Akke Reitsma-Heeg de huishouding deed bij haar zwager te Hitzum, kwam ze regelmatig naar Tjerkwerd op visite bij haar enige getrouwde zoon, Johannes.

De reis ging per bus van Franeker naar Bolsward en het laatste stuk werd te voet afgelegd over het jaagpad langs de Trekvaart.

Zo gebeurde het ook dat Beppe op een zonnige dag in Bolsward uit de bus stapte op het moment dat kruidenier Joh. Deelstra daar fietste op zijn transportfiets; hij had nog wat bestellingen in Bolsward afgeleverd, en was op weg naar huis.

Zoals Deelstra was, altijd roepen en zwaaien, voor ieder een goed woord, riep hij ook nu naar Beppe:

"Moat Beppe mei op 'e fyts nei Tsjerkwert ta?"

Dat was niet tegen dovemansoren gezegd, ze nam het aanbod graag aan! Deelstra had daar niet op gerekend, maar wilde nu niet terugkrabbelen; en zo werd Beppe Akke op de transportfiets gehesen en gingen ze met een flinke tegenwind op weg naar Tjerkwerd.

Beppe vond het prachtig, maar Deelstra had er een hele kluiif aan!

Haar oorijzer blonk in de zon, en zo kwamen ze bij de boerderij op de Waltaweg aan, waar ze keurig werd afgeleverd. Dat was nog eens echte Service!

Opbrengst Nationale Collecte Epilepsiebestrijding

Nationale collecte epilepsiebestrijding

De collecte van het Nationaal Epilepsie Fonds- De Macht van het Kleine- die van 29 mei tot en met 3 juni 1995 plaatsvond, heeft in ons dorp f. 440,15 opgebracht.

Met de opbrengst van deze collecte kan daadwerkelijk aan de toekomst van kinderen met epilepsie worden gewerkt. Op wetenschappelijk gebied kunnen zaken nader worden onderzocht.

Extra voorlichtingsmateriaal, speciaal gericht op kinderen, kan worden ontwikkeld en bijgedragen kan worden aan zaken als ontspanning en recreatie, kindervakanties en speciaal onderwijs.

Namens deze kinderen, hartelijk dank aan alle gevers en collectanten!

Opbrengst collecte Astmafonds

De opbrengst van de collecte Astma Fonds bedroeg dit jaar f. 390,00
Bedankt allemaal!

Soms snuffel je wat in de boekenkast en kom je iets tegen wat je aardig vindt. Jaren geleden bij 'Slegte'-boekhandel een boekje over Friesland op de kop getikt voor een paar centen Een fragment hieruit; een reisbeschrijving van Tjerkwerd en omgeving in de vorige eeuw. uit Friesland en de Friezen', reisgids van 1877)

.....
tollen langs den Leeuwarder trekweg f 300 'sjaars opbrengen. Op sommige dagen gaan drie barges heen en terug en toch zult ge zelden 't treffen, dat niet alles goed is bezet, wel een bewijs van het drukke verkeer, dat er is tusschen Bolsward en den Zuidwesthoek, en hoe treurig het is dat de vastgestelde spoorweglijn niet deze richting neemt over Bolsward naar Sneek, maar van Stavoren langs Hinlopen, op vele plaatsen door moerassige streken loopt met geringe bevolking.

Die echter boven rijtnaig en barge een frissche wandeling kiest, volge den trekweg naar Tjerkwerd. 't Is een heerlijke lente-morgen, links stroomt de vaart, 't waait een tamelijke koelte en 't is een genot om te zien, hoe telkens en telkens weer een schip ons tegemoet komt, terwijl de zeilen in top zijn en het water vroolijk opspat aan den voorsteven en langs de zijden ruischt. Rechts en over de vaart strekken zich de heerlijke weiden uit. Nog slechts hier of daar dartelt wat jong vee, maar toch is 't druk en woelig overal, want 't vogelenkoor geniet in ruime mate, zorgt voor zijn voedsel en tjilpt of fluit of zingt. Dicht bij de stad huppelen de gezellige muschjes rondom onzen voet, verder op vergezellen ons de nijvere spreekuon, wier glanzende veeren schitteren in het zonnelicht, hoor, daar zingt al stijgend omhoog, de leeuwerik zijn opwekkend lied, over mijn hoofd zweven een paar houtduiven die vroolijk kirrend, wellicht een tocht gaau maken naar de bosschen van het Gaasterland, daar stijgt uit een greppel een kievit omhoog en laat de gruto, hier "schrier" genoemd zijn naam steeds al jubelend hooren, ginds wandelt langs een slootkant een reiger statig voort en bij herhaling wordt 't oog geboeid door de allerliefste blanke meeuwjes met hun licht grijze vleugels en scherpziende oogen, die in hun "strijd om 't leven" over vaart en sloten zwieren, om, al fladderend en starend op één punt in 't heldere water, plotseling neer te schieten op hoop van een lekker aas. Waarlijk men moet al zeer naargeestig gestemd zijn of traag van geest, om door dit alles niet opgewekt te worden en vroolijk gestemd,

Ongemerkt zijn we, bij zooveel wat onze aandacht boeit de derde "tille" (ophaalbrug) genaderd en zijn we in het kleine maar nette *Tjerkwerd*; we hebben een deel der uitgebreide bezittingen rondom ons, weleer het eigendom van het eens zoo schatrijke en machtige geslacht der Cammingha's. Zij beweerden dat ze van Sneek tot hier steeds over hun eigendommen liepen en noemden zich niet zonder trots "de souverainen van....etc.

Ameland, omdat zij ook daar alleen heer en meester waren. Intusschen is in deze streken hun grootheid voorbijgegaan en meldt nog slechts een graftombe van 1667, die in 1809 met wat pleisterkalk is gerestaureerd, in de deftige dorpskerk, dat ook hier eenigen rusten van dat oud-adelijk geslacht.

We houden ons echter niet langer hier op, maar slaan rechts het landpad in, dat ons naar de nieuwe gothische kerk te Blaauwhuis voert. Wij bevinden ons thans in een polder; rechts vóór ons uit verheft zich een tamelijk hooge dijk en gelijk straks blijken zal, heeft deze een breede kruin. Wij wandelen voorbij de drie jonkershuizen, groote stinzen, waar vroeger edelen moeten hebben gewoond en waarvan twee nog omringd zijn door de oude breede grachten. Nu zijn er geen adellijke jonkvrouwen meer, geen jonkers gaan van hier ter jacht of vischvangst, 't zijn allen weelderige landsouwen en het Sensmeer, dat aan gindsche zijde des dijks zich uitstrekke tot Greonterp, is sints 1633 veranderd in vruchtbare beemden. Op best land, zooals hier, kan de boer per hectare een koe laten weiden, jong vee er onder berekend en kan hij rekenen dat zijn kostbaar vee hem daags van 6—8 liter melk geeft, terwijl elke 20 liter hem 6 hectogram boter verschaft en $\frac{1}{2}$ kilogram kaas, natuurlijk gemiddeld berekend.

Intusschen hebben wij de kruin van den Hemdijk bereikt, die na met grind bevloerd is; wij zijn de Senshuizen voorbijgegaan, die vroeger aan den oever des meers lagen en bereiken weldra het kleine gehucht van weleer. Van weleer — want nu is 't werkelijk een dorp geworden van stellig 250 inwoners, een aanzienlijke kom is gevormd, steeds worden nieuwe huizen gebouwd en de geheele bevolking is katholiek, met een enkele uitzondering.

In vroegere eeuwen stond hier slechts een enkel huis van beteekenis en dit, het contributiehuis, met blauwe pannen gedekt, heeft den naam aan deze plaats gegeven. Er wordt verhaald dat katholieken uit Bolsward na de hervorming hier een schuilplaats kwamen zoeken tegen de vervolging, dat de vermomde en vogelvrij verklaarde priesters, waaronder de pastoor van Tjerkwerd, die dan hier dan daar zich verstak, aan hen hun zorgen kwamen wijden.



Verkoop van eigengemaakte produkten

o.a. bloemsierstukken
houten speelgoed
kaarsen
keramiek
kinder - en babykleding
woningdecoratie
kunstuitleen; werkstukken
van bezoekers van de Stipe

Mededelingen stichting It Waltahûs

Geachte Dorpsgenoten,

Na meer dan 2 jaar bezig te zijn geweest om de verbouwing van ons dorpshuis It Waltahûs rond te krijgen, is het dan eindelijk zover.

Eind mei zijn wij op een vrijdagavond begonnen met het leeghalen van het dorpshuis en op 13 juni j.l. zijn de eerste sloopwerkzaamheden van start gegaan. Op deze datum is ook Hûs en Hiem akkoord gegaan met de voorgenomen plannen, zodat de bouwvergunning mondeling rond is.

De vraag om hulp van vrijwilligers bij de verbouwing heeft een flink aantal aanmeldingen opgeleverd. Er waren ongeveer 30 personen die "slopen" hadden ingevuld en hiervan hebben wij in eerste instantie 15 uitgenodigd om te beginnen. De overigen komen zeer zeker nog aan bod tijdens de verbouwing. Wij hebben dus de eerste mensen al gevraagd en zullen dat in de loop van de verbouwing ook blijven doen, maar dit houdt niet in dat als men zomaar langs komt om te helpen, dat dit niet mag..... zeer zeker wel.

Van de opgeslagen spullen komen na de verbouwing alleen die terug in het dorpshuis die wij kunnen gebruiken c.q. nodig hebben. Het is dan ook de bedoeling om met de spullen die over blijven een rommelmarkt te houden en de opbrengst hiervan te besteden aan de inventaris, omdat hiervoor nog geen geld is.

Dus, heeft u ook nog dingen die u weg wilt gooien en die toch wel geschikt zijn voor een rommelmarkt, wilt u deze dan bewaren tot na de verbouwing van het dorpshuis? Wij komen hier op terug.

Een paar maanden terug hebben wij een oproep geplaatst voor oud tapijt om de vloer mee te bedekken. Dit was een succes. Er is precies genoeg binnen gekomen. Hiervoor onze dank.

Stichting Doarpshûs It Waltahûs

Even voorstellen

Better let as net.

Graag wil ik me d.m.v. het "Skieppesturtsje" even voorstellen aan de inwoners van Tjerkwerd. Ik ben Janneke Duursma en woon sinds februari j.l. op nr. 4 van de Singel.

Yme de Boer heeft een gedeelte van de zolder van zijn boerderij verbouwd tot woonruimte, een woonkamer-/keuken met daarnaast een slaapkamer.

Beneden is het sanitair aangebracht.

Het is een gezellig optrekje geworden waar ik met veel plezier woon.

In december 1994 ben ik teruggekomen uit Curaçao, waar ik ruim vier jaar in de zending heb gewerkt, in een kindertehuis. Daarvoor heb ik elf jaar in het basisonderwijs in Exmorra gewerkt.

Momenteel doe ik wat vrijwilligerswerk in het noodopvangcentrum voor asielzoekers in Witmarsum.

M'n hart gaat echter nog steeds uit naar de zending en ik hoop ook t.z.t. weer uitgezonden te worden naar een zendingsproject ergens in de wereld.

Groetjes,

Janneke Duursma
Singel 4

Oranjevereniging

Geachte dorpsgenoten.

Het jaarlijkse dorpsfeest zal worden gevierd op 1 en 2 september.

Het is dan ook 50 jaar geleden dat de oranjevereniging is opgericht en dat willen we vieren in het "Waltaslot" dat ooit in Tjerkwerd heeft gestaan, en nu weer komt te staan.

Het thema voor dit feest is de middeleeuwen.

Wij willen ook graag in contact komen met alle mensen die de afgelopen 50 jaar in het bestuur hebben gezeten.

Opgave kan telefonisch, maar ook schriftelijk bij alle huidige bestuursleden.

Dat zijn: Durk Breeuwsma	tel. 3485
Salvatore Pace	tel. 9617
Marjet Huitema	tel. 2356
Bert Miedema	tel. 9545
Anneke Vrieswijk	tel. 9835
Nico Hielkema	tel. 9808
Toos Buma	tel. 9106


Tot ziens in het "Waltaslot"!

Aangeboden

Oppas aangeboden 's avonds of overdag.

Maria de Boer. 14 jaar
05157-9198

Gefeliciteerd



Us lokwinken

foar

eltsenien

dy 't slagge is!

Bydragen

Bydragen binne kommen fan:

Mw. Hijkema, Parregea; R. Bakker, Himdyk; H. Speerstra,
It Hearrenfean; *J. Huitema, Boalserterdyk; D. Poelstra
Dedzjum: K. Abma, Snits; J. Postma, Ymswâlde;
J.S. de Wolff, Himdyk; J.I.W. Huitema, Singel;
J. Twijnstra, Ymswâlde; W.C.J. Tolsma; W. Bakker,
Tsjerkestrjitte; P. Mulder, Amearika.

Allegear tige tank!



Hierbij wil ik iedereen bedanken
voor de vele blijken van medeleven
tijdens mijn ziekenhuisopname en
bij mijn thuiskomst.

Sippie Blanksma.

Boargerlike stân

Troud: Dries Koster en Gea Siesling op freed

9 juny

èn

Akke Algra en Hylco van der Wal op freed

16 juny

We winskje beide jonge steltsjes in protte gelok!

Snypsnaren

*Wat wie it wiet net!

Guon minsken diene it kninegers earst yn 'e
sintrifúzje.

*Freed 9 juny. Troudei fan Dries en Gea. En reine
dat it die, reine!!

Nei rein, seit men, komt sinneskyn, Dries en Gea.
Dan ferjit dy l a n g e buoi wol wer.

*Germ Wijnja hat in nije auto. In Opel Astra, kleur
read. Joop: "Ik docht wêr ha'k earder sun auto sien?
Ja, nou weet ik ut, by Jan Dijkstra!"
(Foar de dúdlikheid; De grutte reade.)

*Elts hat niget oan de nije fiver fan de Schukkens,
ta de hûnen ta. De hûn fan Harkema dûkte der fan
klearebare balstjurrichheid midden yn.

*Der is in foech bosk plante by de v. Panhuysbrêge.
De Lange sil mei de tiid neist brêgewachter ek wol
boskwachter wurde.

*Tsjalke v.d. M. rekke yn 1 wike 2 kear yn 'e feart.
Troch de bolle en troch de planke.

*Akke Algra hie in prachtige troujurk.
Haute couture! Hand-made by "breidshús Epie".

*Wat moaie giele strepen op it trotwaar net!
Skieppesturtgiel.

*As je in malt by Henk v.d. Zee bestelle, bringt er
in glês molke.

*Johan Velting hat de step-âlve-stêdetocht dien.
Syn rêch wie stikken! Takom jier in step-in om, Johan!

*In bad soe grif ferlichting jaan, tocht Johan.
Goed waarm! En tidens it folrinnen êfkes bekomme
op 'e bank. Doe't er yn it bad soe, wie it wetter
al wer kâld. Even "dea" west.

*Nynke D. rekke mei har boatsje om. Sels kaam
se gauw wer boppe wetter, mar har jas is oant
no ta noch ûnder wetter.

*Binke hat in prachtige kano boud. Mem Geke peddelt
der geregeld mei troch de Trekfeart.
Goed foar de boarstspieren.

*Riekje D. is sa'n 26 pûn lichter.
Dêrfoar hat se hiel wat gefulde koeken, ijsko's
en soksawathinne stean litte moatten.

*Leen, Ids en noch wat fiskfreonen binne wer nei
Denemarken west te fiskjen. Foar in wike snert mei!
De fangst wie wêr snert!
De fisken sille wol net oer snertgassen kinne tink.

*Beabuorren kin aanst ek meidwaan yn "de vaart der
volkeren": Se krije in nije ferhurde dyk en ierdgas.

*Neffens it ûnderwizend personiel ha de "klaaglie-
deren" oer it berneoantal holpen. Hiene we it yn
it lêste krantsje noch oer in slappe tiid, it stivet
no wat oan.

*Der is in sprekward dat seit:" Goai it âlde net
fuort foardat je nij ha."
No hawwe jim as jeugd in nij klubhûs, dus soene
jim dy âlde troep yn it parkje sa njonkenlytsen
wol oprêde kinne. Tusken it earste en it twadde
pilske? Ofpraat????

Snypsnaren

*Ald redaksjelid Sytske hat it geregeld bryk.
No èk wer. Se stie te wachtsjen foar it stopljocht,
der stie in kamper foar har.
Doe't it ljocht op grien sprong, ried de kamper net
fóár mar efterút en ferknûkele S 's motorkap.
Dêr koe se wier neat oan dwaan.

*Jehannes miende in slaatsje slaan te kinnen út dit
foarfal. De skea berûn neffens de garaazjehâlder
sa'n f.2000,-- te beteljen troch de fersekerings.
Jeh. tocht nei en sei:" Knapst him foar f. 1000,--
op en joust my de oare f.1000,--

(De bedragen binne fiktyf út it each fan privacy)

*Der kamen Frânsen yn it swimbad yn Warkum om te
freegjen wêr't se in telefoan fine koene.
It frommeske efter de baly wist net hoe't se dit
útlizze moast.
Master Henk, altyd behelpsum, tocht:" Lit my myn
frâns ris by elkoar harkje en sei: Across the
street.....!!!!

* Kopy en snypsnaren graach ynleverje
foar 1 septimber.

